

## Ynlieding

### Heechlearaar Frysk Goffe Jensma

“Frysktalige tekst net ynteressant as wy de kontekst dêrfan net kenne”

(1) Op 11 novimber 2008 is de Fryske kanon útkommen ûnder de titel *De kanon fan Fryslân yn 11 en 30 finsters*. Goffe Jensma is de einredakteur. Boppedat is er yn july fan dat jier beneamd as heechlearaar Fryske taal en kultuer oan de universiteit fan Grins. Dus alle reden foar in petear mei dizze kultuerhystoarikus, dy't bekend waard troch publikaasjes as *Het rode tasje van Salverda*, dêr't er de oarsprong fan it hjoeddeiske byld fan Fryslân yn ûndersiket en *De gemaskerde God* oer François HaverSchmidt en it Oera Linda-boek, dêr't er cum laude op promovearre.

## Tekst 1

### Untsteansskiednis fan Fryslân is in myte

#### (2) Wannear is dyn passy foar skiednis ûntstien?

5 Doe't ik klear wie mei it gymnasium wist ik net wat ik woe. It waard skiednis om't ien my ferteld hie dat ik dan antropo-  
10 logy dwaan koe en dêrmei soe ik de reklame yn kinne. Dat liek my wol wat, al hie 'k gjin flau benul fan wat ik dan  
15 dwaan moatte soe. By eintsjebeslút waard ik útlotte foar skiednis, dus waard it filosofy, wat ik moai wat jierren  
20 dien ha. Skiednis kaam der letter pas wer by. Hoewol't ik filosofy net ôfmakke ha, hat it my as ûndersiker wol foarme.  
25 By filosofy bestudearren wy ien boek yn in healjier, by skiednis – by wize fan sprekken – wol fiifhûndert, dat is in grut  
ferskil. Ik ha troch filosofy echt goed lêzen leard.

30 (3) De tiid nei myn ôfstudearjen wie in drege tiid. Ik wie by de Fryske skiednis bedarre troch de professor, in Frysk  
skiedkundige, dêr't ik by ôfstudearre wie. En om't ik niks te dwaan hie,  
35 ûntstie einlings it idee om in tinkboek oer de Frjentsjerter Universiteit te meitsjen. Fan it ien kaam it oare; ik  
krige dêrnei de opdracht fan de Fryske

30 Akademy om in rapport te skriuwen oer de fraach oft der in nije skiednis fan  
Fryslân komme moast. Dêr is doe in konflikt oer ûntstien, dat – mei wat  
juridyske drigeminten – resultearre hat yn de opdracht foar *Het rode tasje van  
35 Salverda*.

#### (4) Wat hat in ynterdissiplinêr kultuerhystoarikus, dy't alles graach yn grutte ferbannen sjocht, mei sa'n statysk medium as in kanon?

40 Ynhâldlik hat sa'n kanon yndie wat statysk. Dat kin net oars ast it oer 80 oant 90 prosint fan de ûnderwerpen samar iens bist. Dy steane eins gewoan  
45 fêst. Fan dy kant besjoen is der yndie gjin ferbân mei in ûndersyk as *Het rode tasje* (sjoch al. 1). Mar oan de oare kant is dat der wol. Ast nei de skiednis fan  
Fryslân sjochst, ropt dat in hiel soad mytyske gefoelens yn minsken wekker.  
50 Dat hat nei myn betinken te krijen mei it feit dat it Fryske gebiet in krimp-naasje, of better, in krimp-lân is: yn de 7e ieu  
leine de grinzen fan it Fryske gebiet fan it Swin yn België oant de Wezer yn  
55 Dútslân, yn de 13e ieu is dat fan de Iselmar oant de Wezer en no is it in

provinsje mei noch twa besibbe gebieten yn Noard-Fryslân en Sealterlân. Der sit dus krimp yn. Dat proses, it  
60 wurdearjen fan dat proses – sis mar, hoe'tst dêr tsjinoan sjochst – wurdt hiel bot stjoerd troch de komst fan it nasjonalisme – yn Fryslân it kultureel-nasjonalisme – om 1800 hinne. En om't  
65 naasjes har hiel graach woartelje wolle yn sa âld mooglike grûn, is om dy tiid hinne hiel sterk it perspektyf ûntstien én ferspraat dat Fryslân it âldste lân fan West-Europa is, of yn alle gefallen ien  
70 fan de âldste lannen en dat idee fan kontinuïteit is in myte.

### (5) Wêrom is dat in myte?

Dat is in myte omdat saken troch de skiednis hinne feroarje, de manieren  
75 hoe't minsken nei elkoar sjogge, feroarje. Soest sizze kinne dat dy âlde ûntsteansskiednis in myte is omdat der yn 'e 4e en 5e ieu in gat west hat yn 'e befolking, mar dat is bysaak. It sit him  
80 mear yn it definiearjen fan saken. Sa'n begryp as 'frijheid' bygelyks, dat definiearje wy hiel oars as in midsieuwer en yn 'e 17e ieu betsjutte it wer wat oars. Ast sjochst datst dêrtroch net  
85 samar kontinuïteit ferûnderstelle kinst by de Friezen, wurdt de skiednis ynienen in stik ynterressanter.

(6) Wy ha by it meitsjen fan de kanon foar twa doelen keazen. It is in ûnderwiismiddel en dus net bedoeld foar it  
90 grutte publyk, al hoopje wy fansels wol dat it dêr ek yngong by fine sil. Yn it ûnderwiis wolle wy graach dat de Fryske myte konfrontearre wurdt mei de  
95 histoaryske werklikheid. Sadwaande dat bern fan de basisskoalle en de

ûnderbou fan de middelbere skoalle troch de botsing tusken it saneamde hearlike Fryske ferline en de moderne  
100 wrâld oansetten wurde om kritysk nei te tinken oer skiednis, mar ek oer de eigen identiteit. Want bern fan no woartelje by eintsjebeslút net allinne yn de Fryske skiednis.

(7) It doel fan sa'n kanon is it teweechbringen fan histoarysk tinken. It middel dat Van Oostrom oanrikt yn de *Canon van Nederland* is nasjonale skiednis, wat wy dogge is regionale skiednis. Dat  
110 leit tichter by de bern, kinst op 'e fyts stappe om dy te besjen. 'De geschiedenis om de hoek' neamt Van Oostrom dat. Mar dan sit der ek noch in tusken-nivo yn, dat hat der mei te krijen dat der  
115 ek altyd in kompetityf elemint ynslûpt, dat fan Fryslân tsjinoer de Rânestêd. Dat elemint moatst net befêstigje, dat moatst befreesje, problematisearje. Dat is ek in middel om bern histoarysk  
120 tinken oan te learen. Ast dat krimp-lantsje fan ús besjochst, dan kinst op de âlde manier lesjaan en yn de kanon dingen roppe as 'Wy moatte ús losmeitsje fan Nederlân, wy ha ús tiid  
125 wol hân, of: dy ferrekte Hollanners'. Mar kinst ek sizze: 'Wat betsjut dat eins, dat wy libje yn in lantsje dat krimpt.' Dan kinsto de grutskens dêrop ûnderfreesje sûnder datst him útskeakelest.

(8) Libben der yn de kanonkommisje gjin nasjonalistysk tinte foarkarren? Fansels hat der de nedige diskusje  
130 west oer bepaalde ûnderwerpen, mar oer it generaal wie it net in dreech proses, dat foel wol wat ta.  
135

## Tekst 2

## Frisistyk giet oer mear as taal allinnich

**(9) Sitst no as heechlearaar Fryske taal en kultuer midden yn dy ûnderwerpen. Is der wat dat oanbelanget in ûntjouwing geande?**

140 Wat my yn de stúdzje fan it Frysk sterk opfalt, is it geweldich talige perspektyf dêrfan. Dat is op de Fryske Akademy sa en dat is hjir oan 'e universiteit fan Grins ek sa. It Frysk, de Fryske eigenheid, wurdt foar 99 prosint ophongen oan taal. Dat betsjut foar ien as ik – kultuerhistoarikus en letterkundige – in geweldich kontekstferlies. In moai foarbyld dêrfan is it ûndersyk nei it Midfrysk, dat professor doktor Feitsma dien hat. Foar dat ûndersyk binne hiele grutte korpora mei tekst trochnommen om ien wurdsje Frysk te finen. Ut it perspektyf fan de suvere taalkunde wei is dat prachtich, foar de sosjolingwistyk leit dat al wer oars, mar foar kultuerskiednis en letterkunde is dat echt in griis. Foar ús is dat stikje Frysktalige tekst net ynteressant as wy de kontekst dêrfan net kenne. Kinst it fergelykje mei de argeology. Foar in argeolooch hat in diggel gjin wearde as net bekend is wa't him fûn hat, wannear en hoe't er krekt yn de grûn oantroffen is.

165 **(10)** Dêr komt by dat de Fryske letterkunde Frysktalige letterkunde is. Dat mei hjoed de dei fan de produksjekant besjoen sa wêze, mar dat hat net altyd sa west. Krektoarsom: yn de 19e ieu, en ek wol earder, wienen de teksten faak wol Frysk, mar de hiele kontekst wie Nederlânsktalich. Seker oant 1914 ferskynt der neist Frysktalige literatuer ek in fracht Nederlânsktalige literatuer yn Fryslân. Foar de 16e en de 17e ieu jildt dat ek foar Neo-Latynske en Frânske literatuer. Kinst dy ôffreegje: heart dat by de Fryske literatuer? Net

ast dy as Frysktalich opfettet, mar it heart wol ta de kontekst dêr't dy literatuer yn funksjonearre hat. En nei dy literatuer is mar in ferrekt lyts bytsje ûndersyk dien. As histoarikus of literatuerhistoarikus silst de Frisistyk rommer sjen moatte as de taal allinne. Dy kant soe ik yn de takomst dan ek fersterkje wolle. Wat op syn beurt net weinimt dat ik wol tink dat it fuortbestean en de útbou fan it Frysk net sûnder Frysktalige literatuer kin. Sûnder literatuer soe it Frysk earder ferdwine.

**(11) Wêrom tinkst dat?**

It Frysk beset mar in pear domeinen. Ien dêrfan is it ûnderwiis, mar dêrby giet it mar om in lyts part, der is mar in lytse ferplichting om les te jaan yn it Frysk, en op it skoalplein wurdt hyltyd minder Frysk praten, dat is ûndersocht. Dan binne der symboal-domeinen: de oerheid soest sa sjen kinne, dy is twatalich en de rjochtbank ek, dêr is foar it Frysk fochten. Mar de literatuer is it iennichste 100-persint-domein, echt in reëel domein. Literatuer en it totaal fan wat skreaun wurdt oan Frysk falle foar in grut part gear, folle mear as yn gruttere taalgebieten. Wy hawwe gjin Fryske spoarboekjes, gjin Fryske Libelle, dat betsjut dat de nije ympulsen yn ús talige omjouwing komme moatte fan de literatuer. De literatuer is eins ûnmisber foar it ûnderhâld fan it Frysk.

**(12) En ek de Fryske literatuer krimpt...**

215 Dy krimp sit him foaral yn de ôfpraak fan ynstitúsjes. Foar 1800 is de literatuer yn Fryslân foaral in gelegheidsliteratuer, dat bliuwt it yn 'e 19e ieu ek foar in grut part, mar je sjogge dat yn 'e rin fan 'e 19e ieu stadichoan

feroarjen, dat de literatuer in hiel oare funksje krijt. Der komme folle mear tydskriften, mear útjouwerijen, der wurde mear boeken útbrocht, de Fryske  
225 Biblioteek ûntstiet. Dan krijt it wol wat in 'massale' oanhing. Yn tûzenen en tsientûzenen moastst dan tinke. Dan sjochst in wûnderlike ûntjouwing: foar 1945 is it partikulier inisjatyf, nei de  
230 oarloch wurdt it in mingsel fan partikulier inisjatyf en de oerheid, en tsjintwurdich is it de provinsje dy't de measte war docht foar de literatuer. Dat rint lykop mei it ôfbroazeljen fan partikulier  
235 inisjatyf en ynstitúsjes – tydskriften, útjouwerijen – dy't har dwaande hâlde mei de literatuer. Wat de betsjutting dêrfan is, is eins noch noait ûndersocht. Ik bin dêr as literatuerhistoarikus sterk  
240 yn ynteressearre, sûnder oan polityk dwaan te wollen trouwens.

### **(13) Wêrom wolst net oan polityk dwaan?**

Polityk heart net by wittenskip, as  
245 heechlearaar tsjinje ik yn earste ynstânsje de wittenskip, net it Frysk. Om it hiel skerp en ek wat gekjeierich te sizzen: suver út de wittenskip wei besjoen soe it geweldich wêze as it  
250 Frysk by myn libben noch útstjert. Wat in prachtich ûndersyk soe dat opsmite. It giet lykwols mei it Frysk net sa min as wolris ferûndersteld wurdt. Mar ik realisearje my dat it heechlearaarskip  
255 hjir in sterke politike kant hie, dizze stoel is dochs min ofte mear troch de Fryske Beweging ôftwongen en hat dêrtroch jierren in politike lading hân.

### **(14) Is dat noch aktueel?**

260 Dat is noch altyd aktueel. De diskusje oer it Frysk is altyd in politike diskusje. Dat hat te krijen mei de posysje fan it Frysk as minderheidstaal. Dat bringt by eintsjebeslút in soad jild op. Dêrby stiet  
265 de taalideology hiel bot sintraal, sintraler as yn Wales bygelyks. Dêr stiet de Welshke literatuer gewoan neist de

Anglo-Welshke literatuer. Dat kinne wy ús net foarstelle: dat der neist de  
270 Fryske literatuer in Nederlando-Fryske literatuer wêze soe. Ien politike útspraak wol ik wol dwaan: der moat mear jild nei de produksje fan Fryske literatuer. Der soe in fernijend  
275 literatuerbelied makke wurde moatte, dat mear goeie literatuer opsmyt: romans, dichtbondels, filmskripts, games, literatuerwittenskip, neam mar op. Mei as motyf dat it Frysk net trochgean kin as folweardige taal sûnder dy literatuer.

### **(15) Wêr basearrest dat op?**

'Dat basearje ik op it idee dat it Frysk sa as wy dat kenne ta stân kommen is  
285 troch in wikselwurking tusken it mûnlige en it skriftlike gebrûk. Der binne skriuwers dy't hiel ticht tsjin it mûnlige gebrûk oansitte, mar sels dy skriuwe oars as dat se prate. Drege wurden  
290 brûke wy troch de wikselwurking tusken it skreaune en it sprutsen Frysk. Omdat de Fryske literatuer sawat it iennichste domein is fan it skreaune Frysk, is de Fryske literatuer dus ek it reservoir foar it mûnlige Frysk. Ik bedoel: rykdom fan taal ûntstiet net fansels, dy wurdt  
295 makke. Dat is wat minsken faak ferjitte. Wat dat oanbelanget wurdt it Frysk geweldich noarmearre troch it ferline: pake praat better Frysk as heit en heit praat better Frysk as do. Mar in taal wurdt altyd makke yn it no. Dat wurdt fierstente min sjoen. En der sit noch in kant oan: foar in folwoeksen kultuer dy't  
305 him uterje wol, is it net genôch dat der Frysk praten wurdt en dat op skoallen oanleard wurdt om it te skriuwen. Dan hearre dêr oare kultuerprodukten by. No sis ik net dat de Provinsje moarn al mei in slompe jild op it kleed komme  
310 moat, mar dêr sil echt oer neitocht wurde moatte. Beurzen en projekten, lykas Fryske Modernen<sup>1)</sup>, dat soest folle struktureler dwaan moatte. Soest ek  
315 noch better sjen moatte nei de fjilden

dy'tst bestrykst. Net allinne proaza,  
poëzij, literatuerwittenskip, mar ek de  
krytyk bygelyks. Yn Fryslân resinsearje  
skriuwers elkoars wurk, sitte ek yn  
320 prizekommissjes, dat bart fierstente folle  
nei myn smaak. Sitst samar yn in  
patroan fan rolferfaging. Dat fyn ik hiel  
fout. Der soene minsken wêze moatte  
dy't net hiel maklik fan rol wikselje. Der  
325 soe diskusjearre wurde moatte oer  
hoe't dat foarmjûn wurde moat.

**(16)** Wat ik fierder eins noch sizze wol:  
it kin gjin doel yn himsels wêze om it  
Frysk te rêden. Want wat hast oan it  
330 Frysk ast der neat mei kinst? Dat is  
nochris in reden om te sizzen: stypje de  
literatuer, stypje rolmodellen, stypje  
saken dêr't minsken fan sizze: "Ik ha it  
Frysk leard en ik kin der ek noch wat  
335 mei."

*Nei: Antine Zijlstra yn de Moanne 9, 2008*

noot 1 Fryske Modernen is in literêr projekt dat opset is om it skriuwen fan modern Frysk proaza troch nije skriuwers te stimulearjen en sa it oanbod fan Frysktalich proaza te fergrutsjen.